

De oarloch fan Jan Snip

FERDINAND
DE JONG

DE
OARLOCH
FAN

Jan Snip

BORNMEER

It kadoboek *De oarloch fan Jan Snip*
is yn opdracht fan Boeken fan Fryslân útjûn
ta gelegenheid fan de Fryske Boekewike,
29 oktober - 6 novimber 2022.

© 2022 Ferdinand de Jong | útjouwerij Bornmeer

Foarmjouwing: Jelle F. Post
Foto auteur: Fotoshop Bekkema, Drachten
Printwurk: Wilco, Amersfoort

ISBN 978 90 5615 993 1
NUR 524

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl.

Bornmeer is in ymprint fan
20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl



Ferdinand syn heit as jonkje, mei beppe Saakje op 'e eftergrûn

Foarwurd

In boek oer oarloch yn tiden fan oarloch. It is no begjin maart 2022 en de ferbjusterjende wierheid fan in nije kriich yn Europa betsjut in hiele oare emosjonele lading by it skriuwen, wylst skriuwen altyd in feest foar my is. It plan om it romantisearre ferhaal oer myn pake fan heit syn kant as haadline yn it kadoboek te brûken, wie der al sûnt de fraach kaam oft ik it presintsje fan dit jier skriuwe woe. *Never noait net* hie ik betinke kinnen dat de realiteit der no sa hinne lizze soe. Dochs is myn plan net feroare, omdat ek folle letter de ferhalen oer wat der no bart, oantoane sille dat der yn stilte in soad goed wurk dien is, al klinkt dat op dit stuit hiel dûbeld. Gewoane minsken dy't yn oarlochstiid mei gefaar foar eigen libben dingen dogge om oaren te helpen, se binne der hjoed-de-dei ek. In soad fan dy ferhalen binne bekend, talleaze boeken binne skreaun. En dan binne der de stoarjes dy't hast nimmen ken. Dit ferhaal giet oer myn pake, in man dêr't ik by syn libben net safolle mei hie, moat ik earlik bekenne. Pas neidat myn eigen heit yn 2015 weirekke, is bytsje by bytsje myn ynteresse foar pake grutter wurden. En sa bin ik derachter kaam dat er eins in moedich man west hat, ien dy't net op de foargrûn kaam, mar yn stilte die wat hy tocht dat dien wurde moast. Guon personaazjes yn dit boek binne basearre op persoanen dy't echt yn dy tiid libben, oaren net.

Ik wol dit boek opdrage oan Larissa Fomenko en ik hoopje dat it har goed giet.

‘De echte helden liggen op het kerkhof’

‘Godsterweareld!’ seit Jan de Jong trije kear achterinoar as er it berjocht foar de safolste kear lêst. De foarside fan de Ljouwerter Krante fan 28 augustus 1939 lit neat te rieden oer. Der komt mobilisaasje yn Nederlân.

‘Wat is der? Wêr floksto sa om?’ freget Saakje, wylst se de hannen oan har skelk ôfdrûget.

‘Sjoch sels mar,’ seit Jan en skoot de krante op de hege tafel nei syn frou ta. Se slacht de hân foar de mûle. It berjocht dêr’t se al in skoft bang foar wienen.

‘Mar hoe moat it dan mei de kij en sa?’ Se sjocht troch it rût nei bûten dêr’t harren soan Anne sit te boartsjen yn in rinstek dat Jan sels makke hat.

De berûne loft boppe de greiden driget, mar mear as wat storein falt der hjoed net. Jan de Jong rint nei bûten en sjocht it lân oer. Njonken it pleatske is de keallekamp. Fiif moaie kokeallen steane fol ferwachting by de trôch te wachtsjen op it molkenwetter dat Jan harren twa kear deis bringt neidat er de molkamers skjinmakke hat. De kij en de pinken steane it hiele jier op stâl omdat se it lege, wiete lân dan net fertraapje.

In pear jier buorkje se hjir no, op it pleatske dat je allinnich oer in sânreed berikke kinne. Fier fan de bewenne wrâld, op in pear hûndert meter fan De Streek ôf, de trochgeande dyk dy’t fan de Badwei yn Rottum troch Sint Jânsga nei Rotsterhau- le rint. Oan it begjin fan de reed leit it tsjerkhôf fan de beide

doarpen, dat fan 1816 oant 1878 tsjinst dien hat as ferfanging fan it âlde hôf oan de Tsjerkhôflean. De rintmasters wienen yn dy tiid benaud dat it oare, folle leger lizzende hôf derûnder strûpe soe as gefolch fan de turfwinning. Pas nei de drûchlizzing is yn 1874 it âlde begraafplak wer yn gebrûk naam. Ien inkelde stien is der op it tydlike hôf noch oerbleaun as tsjûge fan de likernôch 750 minsken dy't hjir oan De Streek harren lêste rêstplak fûnen. Troch in fûle brân yn de tsjerke binne de argiven ferlern gien, it kreative oantal is dêrtroch net mear te achterheljen.

It is in fredich plak dêr't it pleatske fan Jan en Saakje de Jong stiet, mar wol hiel stil. Saakje moast der bot oan wenne. As tsjinstfaam yn Aldeouwer wie se wend om in soad kontakt mei minsken te hawwen, mar hjir binne dagen dat se njonken har hûsgenoaten nimmen sjocht. Se sjit de klompen oan en giet bûtendoar njonken har twa jier jongere man stean.

'Hoe moat it no?' freget se sêft yn it Frysk. Mei har eigen famylje praat se krûm.

Jan byt syn kaken stiif opelkoar.

'Der sil help komme moatte, hy kin it wurk noch net dwaan,' seit er nei in skoftsje, wylst er nei harren twajierige soan knikt. 'Ferrekte rotmoffen...'

Saakje skodhollet. 'Miskien falt it allegearre wat ta?'

Jan skodhollet ek. 'De kij moatte molken wurde en dat hasto noch net sa faak dien. Der stiet oer in wike in twadde sneedgers dy't derôf moat, de hynders bisto net thús mei en seine-meanen sjoch ik dy ek net dwaan. It sil moatte, oars hat it fee fan 't winter neat te fretten. Ik ha gjin idee hoe lang't ik fuort wêze sil,' seit er op hurde toan. Hy skrabbet de kiel en spuit in grouwe giele rachel op it gers. Dan pandert er nei it húske, lûkt de broek op 'e ankels en jout him del.

Flak achter it pleatske klinkt in hurde knal. It fee dat noflik yn it bûthûs lei te wjerkôgjen, skrikt bot en stoot oerein. Je kinne bûtendoar de keatlings rammeljen hearre en nei in pear tellen fljocht de weake stront oer de mielgong. Yn it skythûs flokt Jan dat it sta seit en hy knypt automatysk de keutel ôf. Lytse Anne begjint te gûlen, mar dat is samar wer oer as syn mem him op de earm nimt. It duorret net sa lang, dan komt Lieuwe Douwes mei syn hûn it hiem op. Yn syn iene hân hat er in gewear, yn de oare in knyn en in rûch tou dêr't de hûn oan fêstsit.

'Skrik my naar man, moat dat no sa ticht by hûs?' foetert Saakje.

'Kin ik der wat oan dwaan dat it knyn dizze kant út komt? Ik hie him by it Middelgat al op de kerrel, mar hy fleach hjirhinne,' seit Lieuwe. Syn brune toskken lykje noch fizer as oars. Mei barstend geweld klapt Jan de doar tsjin de sydkant fan it húske.

'Godsterweareld!' flokt er nochris as er sjocht wa't him sa skrikke liet. 'Dat flikst my net wer, begrepen?'

'Hoe kin ik no witte datsto sitting hiest? Ik skyt moarns, dit is gjin tiid,' laket de jager breedút. Saakje hat it net op de man, dy't yn in lyts krûpyntsje ergens yn Sân Rotten wennet. Frou en bern hat er net, it praat giet dat er net fiis fan lytse jonges is, dy't er lokket yn de bosken fan Oranjewâld. Mar der wurdt safolle rabbe oer oare minsken dat nimmen krekt wit wat wol en net wier is. Ien ding is wis: mei de krystdagen krije se altyd in stik wyld fan him, as lytse garânsje dat se syn streuperij net ferlinke sille. Lieuwe mei wol jeie, mar hy set ek yllegaal fûken yn de tochtsleatten en strûpen yn de boskjes om it Haskerwilde hinne.

'Ik sil him de jas útdwaan, kom mei do,' seit Lieuwe. Syn hûn, in jiskebakkeras mei foaral gemien bloed, stiet oan ien wei troch te blaffen tsjin de stabij fan Jan en Saakje. Lokkich hâldt Lieuwe him goed fêst, oars hie it bist der regaad mei hâlde wollen. Jan rint foeterjend it bûthûs yn en skoot de stront fan de sjippeglêde mielgong yn de groeppe.

As letter op de dei it fee en it jûnsiten berêden is, sitte Jan en Saakje oan de hege tafel.

‘Ik sil daliks even by heit en mem sjen.’

Saakje knikt. Se sit mei de hannen gear op ’e skurte, hannen dy’t nei it ferplichte wurk net hiel warber binne. Breidzjen, hantwurkjen en oare nifelerij is net oan har bestege, sokken stopje is al in straf.

Jan giet oerein en rint nei de fyts, dy’t tsjin de bûtenmuorre stiet. As er healwei de reed is en oerders sjocht, kin er syn âlderlik hûs oan de Badwei stean sjen. Himelsbreed wenje se der mar in pear hûndert meter fan ôf, mar it grutte ferskil is dat de Badwei in trochrinnende dyk fan Rottum nei Aldehâske is. Dêr is altyd ferkear, dat yn tsjinstelling ta it stille plak dêr’t it boerespultsje stiet. Djip yn him wit Jan wol dat syn frou dêr dea-ûngelokkich wurde sil as se der te lang wenje moatte. Troch hurd te wurkjen kin er miskien ea in oare, wat gruttere pleats op in gaadliker plak krije, mar dat is yn dizze ûnwisse tiid allinnich mar takomstmuzyk. Jan hat ien ding foar, it is in hurde wurker. In wrotter, kinne je better sizze. Hy is lûdroftich en net sêftsinnich mei it fee. As in ko it him net nei ’t sin docht, witte de minsken oan De Streek it ek, sa mâl kin er it dan opsizze. As in rier de molke net falle litte wol, krijt er mei de spanbân oer de bealch. Jan is ien dy’t by it iten troch de ruten nei bûten sjocht om der wis fan te wêzen dat buorman net earder oan it wurk is as hy – en mocht him dat al in kear ûntkomme, der gjin geheim fan makket dat er dêr goed it smoar oer yn hat. Hy is oan de iene kant absolút net fynbesnare. It leafst bealget er fan moarnsier oant jûns let en hy hat it mier oan guon dy’t dêr wat oars oer tinke en yn syn eagen de kantsjes derôf rinne. Kofje en tee drinkt er nea út in kopke, hy jít it steefêst oer op it pantsje omdat it dan earder ôfkuolle is. By it waarmiten wurde it sop en de brij mei in rûne leppel nei binnen wurke. Earmtakke op tafel en skowe mar.

Jan syn famylje hat as skelnamme Snip. Hast alle famyljes yn Sint Jut en Rotsterhaule hawwe in skelnamme, dy't tsjin eltsenien brûkt wurdt, útsein as je mei de persoan sels prate. Je ha Konten, Lullen, Pabberabben en noch folle mear fraais. Soms is de namme ek ûntliend oan in lang kin of grutte earen. Skaaimerken dy't by de Snippen hearre binne hastich, opljeppen, woest, snibbich en soms net al te skjûn. Jan is in prûmker, mar dan ien fan it wiete soarte. Hy kwitst rûnom, ek op de hite gleskes fan de kachel, dy't systerje en troch it ynbrânen fan de tabaksjarre amper mear skjûn te krijen binne. Hy brûkt de koalekit as kwispeldoar, mar mikt der ek wolris neist. De oare kant fan Jan is dat er moai foardrage kin en toanielspilet. Mar dy kant komt net faak oan it oerflak. Hy is ynearsten yn foarkommen en gedrach in echte Snip.

Famyljes dy't fan oarsprong net út de doarpen komme, ûntspringe meastentiids de dûns fan it krijen fan in skelnamme. Yn de doarpen Sint Jânsga, Rotsterhaule en Reahel, mar ek yn omlizzende plakken, wenje in soad famyljes dy't Gitterske nammen ha. De ferfeaning fan 1750 ôf wie foar in grut part yn hannen fan feanbazen út de Kop fan Oerisel, dy't nije grûn sochten omdat dêr alles al ôfgroeven wie. Sporadysk hearre je ek noch wol taalynfloeden út dy tiid, bygelyks by it útsprekken fan de letter g.

‘Ik moat opkomme,’ seit Jan.

‘Dêr wie ik al bang foar,’ seit syn heit Anne.

‘Kin Marten...’

‘Dat ha we al bepraten. Marten melkt en docht de pleats. As it drok is, kin Martsje foar ek wol wat byspringe.’

Sa wurdt it besletten. Jan syn acht jier jongere broer Marten en de noch seis jier jongere Martsje sil Saakje helpe om de pleats te berêden yn de tiid dat er ûnder de wapens moat. In dei as wat letter reizget Jan mei in plunjesek oer it skouder de reed del. Saakje stiet mei lytse Anne op de earm neist it pleatske. It jonkje hat noch nergens euvelfmoed yn, mar Jan wit dat der in kâns bestiet dat er net weromkomme sil.

De reis giet nei Lisse yn Súd-Hollân, dêr’t er mei in stik as wat oaren ûnderbrocht wurdt yn in loads. It is sa oan de ein fan de simmer net kâld, mar Jan sjocht as praktysk man de kommende winter mei soarch temjitte. Der is net folle te fernimmen fan oarloch dêr yn de bollestreek. De jonges fermeitsje har mei fuotbaljen en in part fan harren wurdt oan it wurk setten by de oanlis fan it helpfleanfjild Ruigenhoek. Dêr wurde njoggen Fokker-jagers en fjouwer Koolhoven-twadekkers stasjonarre, dy’t de nij oanleine militêre fleanfjilden fan bygelyks Katwijk en Valkenburg stypje moatte.

‘Hee, Jan!’ ropt plysjeman Trinus Hoekstra as er syn doarpsgenoat sjocht. Dy rint mei syn unifoarm oan De Streek del. ‘Ik miende datst opkommen wiest? Is de oarloch al foarby?’